

Sjueryrapport Simke Kloostermanpriis 2007

Wy, dat wol sizze de trije sjueryleden, krigen yn de hjerst fan ferline jier, lykas dat wenst is, de opdracht fan It Simke Kloostermanlien om de oarspronklik Fryske berne- en jeugdboeken fan de lêste trije jier te lêzen en te beoardieljen en dêr it bêste út te kiezen.

Wy hawwe yn totaal 32 boeken of boekjes lêzen en hifke. Der wie wer in grut ferskaat sa't men fan tinken wol ha kin. Foar de bern fan fjirtjin plus wiene der mar twa titels. Foar de boppebou fan de basisskoalle trettjin. In skift dat ek goed fertsjintwurdige wie, wiene de printeboeken. Dêr kamen tsien fan út. Mei noch in stikmannich boeken foar de ûnderbou, twa dichtbondels en in strip komme wy op it tal dat niiskrekt neamd is.

Algemiene ferantwurdling

Om't de Simke Kloostermanpriis in priis is foar de bêste literaire prestaasje hawwe wy mei ús trijen in tal kritearia op in rychje set, dêr't it boek oan foldwaan moatte soe:

- It ferhaal/de tekst moat in konsistint gehiel wêze
- It moat fernijend en orizjineel wêze mei b.g. ferrassende wendingen
- De karakters moatte net klisjeemjittich wêze
- Der moat spanning yn sitte, it ferhaal moat je by de les hâlde en sa ferrinne dat je witte wolle hoe't it ôfrint!
- It taalgebrûk moat ryk en orizjineel wêze.

Wat it lêste punt oanbelanget fine wy, om't it hjir om in Fryske berneboekepriis giet, dat de taal fersoarge en libben wêze moat.

Wurkwize

Nei't wy elk alle boeken trochnaam en hifke hiene, hawwe wy dêr yn jannewaris de fiif bêsten út helle. Sa binne wy op de fiif nominearre boeken kaam. Ik neam se hjir noch even yn alfabetyske folchoarder:

- Skoare by FC Top – Jelle Bangma
Dit is in realistysk eigentiids ferhaal oer twa talintfolle fuotballers dy't scout wurde troch in proffuotbalklub.
- Abe, in byld fan in spiler – Eppie Dam
Hjiryn wurdt it libben fan Abe Lenstra meinimmend en nijsgjirrich beskreaun fanút it eachpunt fan tsien ferskate minsken, mei tsien fuotballessen der op ta.
- Lederwyntsje bern mei krêften – Lida Dykstra
Dit is in humoristysk beskreaun magysk ferhaal oer it famke Lederwyntsje dy't mei har geit Kekke op syk giet nei har pake dy't finzen hâlden wurdt troch griene soldaatsjes.
- Sterke skouders – Hanneke de Jong
In realistysk ferhaal foar âldere bern oer in jonge fan 16 jier dy't yn gedachten filmkes makket en sa besiket grip op it ferline te krijen.
- Skytmerakels – Auck Peanstra
Dit is ek in eigentiids ferhaal oer it famke Anke dy't graach hynsteride wol en wêryn't in byld sketst wurdt fan in hjoeddeiske húshâlding op it plattelân.

Sa't jimme witte, hat it feestje foar de nominearren op 14 maart west. It is aardich om te fertellen dat fjouwer fan de fiif nominearre boeken yn it Hollânsk oerset binne of wurde. De kwaliteit dy't wy yn de boeken seagen, is ek troch minsken bûten Fryslân opmurken. Ien boek sprong der neffens ús as sjuery út.

It winnende boek

It winnende boek dat is: *Lederwyntsje, bern mei krêften* skreaun troch Lida Dykstra en yllustrearre troch Monique Beyer.

It ferhaal is yn 2001 yn it Frysk Deiblêd publisearre as ferfolchferhaal. De yllustratrise Monique Beyer waard troch de krante oan de skriuwster keppele. De yllustraasjes passe goed by de sfear fan it ferhaal. Yn 2005 is it as boek útkaam by Bornmeer yn Ljouwert. It is in moaie útjefte wurden, mei noch it resepteboekje fan Lederwyntsje der op ta.

Koarte ynhâld

It famke Lederwyntsje spilet yn it boek de haadrol. En Lederwyntsje is net in sljochtweihinne famke. De titel fan it boek seit it al. Lederwyntsje is in bern mei krêften. Se wennet mei pake yn in spitkeet. Pake is lykwols, as wy mei Lederwyntsje yn 'e kunde komme, al aardich lang fuort. Langer as dat er oan Lederwyntsje sein hat. Se sjocht it oan de streekjes dy't se op de planke set hat. Sa wit se dat der wat mis is mei pake, se moat him sykje. Op har syktocht nimt se de geit Kekke mei.

Underweis belibbet se allegear wûnderlike aventoeren. Sa moetet se in pleachbist, dêr't se freonskip mei slút, komt yn in hoal telâne dêr't trije wite juffers wenje. Dy hâlde har dêr fêst om har it ien en oar te learen, sadat se har syktocht mei mear bagaazje ferfolgje kin. Se fiele ek al gau, of wisten it al, dat Lederwyntsje geastlik oan har besibbe is. Se leart dêr by dy wite juffers net allinne gewoane saken sa as: lêzen en skriuwen, mar ek waarlêze, krûdekunde, kennis fan de natuer, genêze, dreamreizgje en fleane. Al dy magyske krêften sieten al yn it bysûndere famke besletten. De wite juffers soargje der foar dat se der út komme. As Lederwyntsje in protte leard en in eigen resepteboekje krigen hat, litte de wite juffers har gean, sadat se pake befrije kin, dy't fêsthâlden wurdt troch griene soldaatsjes. By it rêden fan pake helpt it pleachbist har. Ienkear wer thús wurdt se oanlutsen troch de wite juffers. Se hawwe har nedich. Ien falt der by wei en Lederwyntsje fielt dat se net oars kin as dat plak ynnimme.

In pear skaaimerken

De skriuwster hat har ynspirearje litten troch âlde folksferhalen. Sa komme der wite wiven of wite juffers, in pleachbist, in bûzehappert, troelen en soldaatsjes foar yn it ferhaal. Dy eleminten út folksferhalen en mythen binne knap ferwurke yn it ferhaal, dat ek eigentiidske eleminten yn him hat. En dat ferhaal is dêrmei net in soarte fan folksferhaal wurden, nee krekt net. It is in echt Lida Dykstra ferhaal. Dat wol sizze in nijsgjirrich ferhaal mei in eigen sfear, dêr't boppenatuerlike saken yn barre. It ferhaal spilet him ôf yn in oare, net beneamde tiid. It past ek yn in rige klassike fertellings oer bern dy't yn ôfsûndering opgroeie, dêr yn kontakt komme mei in har ûnbekende wrâld, om op sa'n wize in ûntwikkeling troch te meitsjen. De aventoeren fan Lederwyntsje nimme je mei en je wurde krekt as Lederwyntsje ynwijd yn in magyske wrâld. It boek is mei in soad fantasije skreaun en lit ús tagelyk sjen dat de ûntdekkingsstocht troch it libben in wûnderlikenien is, wêryn't je in protte leare/ûntdekke kinne. Lederwyntsje is in ûndernimmend en tûk famke, dy't de magyske krêften yn harsels sa stadichoan

ûntdekt. En is it yn syn algemienens net sa dat it libben in ûntdekkingsstocht is? In tocht wêrby't kennis en kunde trochjûn wurdt troch de foargeande generaasjes? By de wite juffers binne dat de foarmemmen. Dêrmei hawwe wy in universeel tema te pakken: de queeste, de syktocht troch it libben, dy't faak ek in tocht is nei binnen ta, it makket jin as minske/bern sterker, riker. By dy syktocht leare je fan wize foargongers, sadat jins talinten har ûntjaan kinne. In oar tema dat yn it ferhaal befrissele is is: respekt hawwe foar alle libben.

Lida Dykstra skriuwt op in byldzjende, oarspronklike en ek humoristyske wize. Sa is in sfearryk ferhaal ûntstien dêr't heimsinnige dingen yn barre.

It is in boek, dat as je it meardere kearen lêze je alle kearen wer nije aspekten ûntdekke.

It taalgebrûk is fariearre en ryk; der wurde ek nije wurden makke, sa as: de krêftterm: potdiggel. Se brûkt yn dit ferhaal, dat yn it ferline spilet, in protte wurden dy't de bern fan hjoed-de-dei net mear kenne. Sa as: rim, mêd, it reauntsjen fan it wetter, reau, lampetstel. Dy âlde wurden passe yn de net beneamde tiid, se roppe in sfear op út it grize ferline.

In lokwinsk wurdich!

As in skriuwster foar de twadde kear de priis kriget, sjogge je as sjuery noch ris ekstra kritysk nei it ferhaal. Dat hawwe wy ek dien. Dat feroare lykwols neat oan ús kar, dy wie unanym. Wy lokwinskje Lida Dykstra mei de Simke Kloosterman priis fan 2007.

Ek de yllustratrise fan it winnende boek en fansels de nominearren lokwinskje wy. As sjuery hawwe wy mei nocht dizze opdracht op ús naam en binne nei ús bêste witten en ynsjoch ta dizze kar kaam.

Wy tankje it Simke Kloostermanliën foar it betrouwen dat se yn ús steld hawwe.

Siets Ypenga
Folkert de Jong
Wys de Jong